



WOLKOM BY TSJIL TSJEKT - DYN REIS

Wolkom by Tsjil Tsjekt! Wat moai dat jim meidwaan sille! Jou antwurd op de fragen fan Raynaud en skoar pompies! Wurdt jim klasse de 'Tsjilste klasse fan it jier?'

Praktyske saken foar elke Tsjil Tsjekt. Gean nei www.tsjiltsjekt.nl, loch yn en sykje it programma op



De Tsjallenge fan dizze Tsjil Tsjekt

Lit in ferfiermiddel op skoalle – bygelyks in skelter – ride op wynkrêft. Dat kin mei stokken en in kleed. Slagget it jim om oer it skoalplein te silen? Stjoer jim filmke nei tsjil@omropfryslân.nl. Meidwaan oan de tsjallenge is goed foar 300 ekstra pompies!



Mear dwaan mei dit tema?

Yn de metoade Spoar 8 binne ferskillende materialen te finen. Doch in aktiviteit út de metoade of kombinearje de materialen út Spoar 8 mei oare fakken.



Temateek

Yn it tema 'Tiden hawwe tiden!' en 'Sjoch om dy hinne!' fynst losse materialen dy't passe by it tema. Bygelyks oer terpen, jild, skippen, ferfiermiddelen en wyn.



Taalaktiviteiten

'Us skoalreisde' – learlingen betinke in programma foar de skoalreisdei. 'Reis troch de romte' – learlingen meitsje in skoatboek oer de romte. 'Boekles: De Bjusterbaarlike baron' – learlingen folgje de Baron Von Münchhausen op ien fan syn bjusterbaarlike reizen. 'Lekke bân! Wat no?' – learlingen meitsje in stappeplan foar it plakken fan in fytsbân.



Projekten

'Hasto Ferstân fan Fytsen?' – makke foar groep 5, oer ferskillende soarten fytsen, û.o. de útfining fan de fyts, de ûnderdielen fan in fyts en watst mei ferskillende soarten fytsen kinst. 'Op skoalreis' – makke foar groep 6, de learlingen betinke in bestimming foar it skoalreisde en promoatsje harren idee 'Om de tonne' – makke foar groep 6, oer Fryske sporten, learlingen meitsje in poster oer in Fryske sport. 'Ut watfoer hoeke waait de wyn' – makke

Yn it tydskrift Tsjil steane neist ferskillende teksten oer it tema ek nijsgjirrige nijtsjes, spultsjes en in stripfoar groep 8, oer duorsume enerzjy, learlingen fiere in debat oer wyn-enerzjy.

